

0

.25

Kast **160**

Pl. **G** N<sup>o</sup>. **25**



K

160. G. 25.

# Keapman Kortsicht en sin Wiif.


---

BLYSPIL MEI SANG,

in trye Bidrjuwen.

TRÖCH

WALING DYKSTRA.



LJEAWERD,  
H. KUIPERS.  
1874.

RIJKSUNIVERSITEIT UTRECHT



0514 7107

Op 'e reis giet jûn ûs alde,  
 Foart to praten giet de frou;  
 Den ken Dirk my selskip halde.  
 Dat 's mîn treast en ûtsicht nou.  
 Derom mat 'k mar learsen pûtse  
 Dat de hölle er my fen drait.  
 Learsen pûtse, learsen pûtse,  
 Learsen pûtse dat men blait.

*Sibrich komt in.*

Hwet blijwt Japik stomme lang wei, Greds.  
 Ik ben wrachtich hast bang dat er Bote net  
 thûs fint.

*Gredske.*

Den döcht er in forlerne reis, frou.

*Sibrich.*

Ja, mar dat is 't slimste net. As 't sa út-  
 kaem, den scoe mîn man jûn ek net foart komme  
 kenne, en dat scoe my spite. Net dat ik him  
 graech toart ha wol, och heden, né! Mar dou  
 maste witte, Greds, de prisen fen de fette bisten  
 geane omheech. Der is op dit stuit wer hwet oan  
 to fortsjinjen. En nou steane der by in boer  
 tichte by Ljeawerd fjouer fette öksen, dy ken  
 de keapman krye, mar den mat er gau wêse,  
 oars pakt in oar se. Der het er neimiddei in  
 tilegrom fen krige.

*Gredske.*

Ho sidse je, frou? Het de keapman neimiddei  
 tjillinggrom krige?

*Sibrich.*

Tilegrom of kilegrom, ik wit sa lîk net ho 't

sa'n ding hjit. Mar hy mat jûn yette nei dy boer ta; strak mei de spoartrein foart.

G r e d s k e.

Den ken er jûn ek net wer thûs komme, wol?

S i b r i c h.

Né, dat ken lang net. As er jûn de öksen mar keapje ken, den is er al bliid. Né, hy mat to nacht út bliuwe. Mar as er Bote net gau efkes to reden komme ken, den mat er thûs bliuwe, dat ha 'k in 'e rekken.

G r e d s k e.

Nou, as 't sa kaem den koe ik oars it lears-pûtsen der ek wol hinne bruye. Der ha 'k op dit stuit in taye mier oan, ken 'kjo sidse, frou!

S i b r i c h.

Né, né! dat mast der net hinne bruye. Ik hoopje it scil yette wol los renne. De keapman is alhiel reisfeardich op 'e learsen nei. — Der komt Japik wrîchtich al oan, leau 'k.

J a p i k *komt in.*

De groetenisse fen Bote Wimmel, en hy scoe dalik wol komme.

S i b r i c h *lik.*

Is dat nou ek bliuwen allik, datst dou dôchste? Dou hest wol langer as in ûre foart west. Mast sa de skoander tiid forbruye? Mienst dat der net hwet oars to dwaen is as alle tûgels nei to stoarjen, dyst fleanen sjuchste, en by elk dy 't wol in skoft to praten to stean?

J a p i k.

Och heargen! mat 'k nou ek yet in hûd fol

kibje ha? Ik hab in 'e bûren omflein as in gek. Hja seyen Bote wier by Sjoerdes. Der hinne: né, hy wier nei Doedes. Der freegje: né, hy scoe nei Beintes. Der wier er net; licht wol by Meintes. Né, ek net. Freegje by Laes Houkes. Ek mis! do kroaske 'k nei Klaes Roukes. Al wer forgees; do nei Taen Simens. It selde! do wer nei Aen Timens. Ik mar wer foart nei Atse Feitses. Né! mooglik wie'r by Watse Sweitses. Al wer fen 't selde. By Dirk Ettens ha 'k frege, en ek yet by Murk Hettes; by Wibe Sierds, by Minne Wopkes; by Sibe Wierds, by Binne Popkes. Op 't lest, hjir alderneist de doar, der fûn ik him by Ljuwe skroar. Ik ha my de skonken hast út de harntsen roan, en nou matte jy ek yet sidse dat ik lui ben? Dat stiet jo net moai, frou?

Sibrich.

So, stiet my dat net moai? Nou, ik wol fen dy gjin wise praetsjes ha. Gean mar hinne en forklai dy, ik scil mîn man warskoue. (*Hja giet nei de foarkeamer.*)

Japik *tsjin* Gredske.

Dat falske wiif mat my altiid ha. Ik ken hjar noait hwet nei 't sin dwaen. Ik wenne hjir fordomd al earder for fynt as hja hjir by de keapman komd is for hûshaldster. En nou mat ik my fen sa'n flarde bihearskje litte. Hja hoeft hjar safölle net in to bieldsjen. Hjar alden hiene mar in bidlersketier, dy wieren fölle earmer as mines. Mar ik scil hjar yette ris in loer draye, der ken se steat op meitse, — al scil 'k der den ek skea fen ha.



G r e d s k e.

Dat ken dy den ek wol ris oerkomme, fynt, hwent de keapman is mal mei hjar. It is for ûs as boden foardélichst om hjar mar op 'e hân to hebben, dat leau ik der fen.

J a p i k.

Ja, dou praetst hjar nei de mûle, dat wit ik wol. Mar dat forpof ik. Ik hald in boel fen de keapman. Hy is in beste kerel, mar hja is in skinheilige dêvelinne. Hy ken dat yet net sjen, sa 't liket; mar ik scil him, as 't slagje wol, mei gauens de eagen wol iepenje.

G r e d s k e.

Der stean de learsen! dy benne gelökkich dien. Nou scil 'k gau mîn smoarge hannen waskje.

J a p i k.

En ik scil my ré meitse for de reis. *Hja geane beide foart.*

Goffe Kortsicht *en* Sibrich *komme út 'e foarkeamer.*

S i b r i c h.

Hjir stean de learsen al ré, dy kenne jy mar oantsjen.

K o r t s i c h t.

Scoe Bote dalik komme?

S i b r i c h.

Ja, hy scil dalik wol komme. Fy! hwet sjuch ik der tsjin oan, dat jy in nacht út scille in 't korte fen de dagen.

## K o r t s i c h t.

Ei, dat is sa slim net; dat is ommers wol mear bard. En 't waer is tige moai for de tiid fen 't jier.

## S i b r i c h.

Ja, dat is wol wier, mar ik wit net; 't is krekt as 't my nou hwet swier op 'e lea leit. Ik hab to nacht sa binaud droomd fen allerhanne akelike dingen.

## K o r t s i c h t.

Dat is to gek om der oer to praten. Söks tel ik neat.

## S i b r i c h.

Dat sidse jy; mar ik sids, men ken al sök soarte fen dingen sa mar net wei smite. Der leit wol ris hwet efter, dat leau 'k grif. Ken 't net dat jy moarnier mei de earste trein op 'e reis geane? 't Is mar krekt as my tinkt, dat hjir hwet bysûnders barre scil.

## K o r t s i c h t.

As 'k dy fette bisten ha wol, den mat 'k der jûn op los. En as ik se snap, den ha 'k in tige grou deihier beet, by wolwêsen. Dat ken 'k my ommers net ûntkomme litte.

## S i b r i c h.

As 't net ken den ken 't net. Mar ik sjuch freeslik tsjin de lange nacht oan, — dat is sa.

*Bote Wimmel efter de skermen.*

Is hjir folk in?

K o r t s i c h t.

Jawol Bote! Kom jy hjir mar as jy wolle.

B o t e *komt in.*

Goen jûn jimme! Hiene jy boadskip, neef?

K o r t s i c h t.

Ja, het de fynt it jo ek to witten dien?

B o t e.

Dat jy wol hwet jild ha woene; ja, dat het er my al efkes in 't ear knipt.

K o r t s i c h t.

Fiihfûnderd gûne woe 'k wol fen jo ha, as 't wirde koe. Mei in wike twa kenne jy 't mei dy oare fiihfûnderd gûne, by wolwêsen werom krye.

B o t e.

Ja, dat is tige best, neef. Dat komt op 't lest op in wike of fjirtsien dagen ek yet net oan. Ik hab it somke dalik mar meinomd. (*Hy hellet in brievetas út 'e bûse.*)

K o r t s i c h t.

Den scil ik der gau in biwiske fen skrjuwe. (*Hy giet in 'e foarkeamer.*)

S i b r i c h *gniskjendetsjin* Bote.

Ik wier al in noed dat jy net komme scoene; den hie *hy* thûs bljuwe matten.

B o t e.

Nou matte wy ris in frolike jûn ha, net?

S i b r i c h.

Der ha 'k rjucht sin oan. Ik hab him in in

heel skoft net ris kwît west. Hy is langer alle jûnen thûs to limstankjen. Den ken men gjin finger in 'e yeske stekke.

B o t e.

Ik hab Heabel al efkes warskoud; hja moast sorgje, dat se hwet goeds in 'e hûs hie, ha 'k sein.

S i b r i c h.

Moai sa! Den scil 'k strak, as *hy* út 'e reek is, der mar hinne gean. De fynt giet mei him, en as ik den tsjin de faem sids, dat ik nei mîn sister gean, den het Greds nearne gjin erch in.

Kortsicht *komt werom mei in brjifke, dat er Bote jowt; dy jowt him derop in stik of trye bankbrjifkes.*

K o r t s i c h t (*wil's 't er de bankbrjifkes in sîn brievetas berget en in 'e bûse steekt.*)

Ik gean nou al fülle gerester in nacht fen hûs, neef Bote, as fen to foaren Do moast ik altiid mîn hele boel oan frjemden oerlitte, en nou hab ik in eigen oppaster thûs.

B o t e *wil's 't er Sibrich oan glimket.*)

Ja neef, en ek in troue oppaster, der doar ik jo wol for in stean. Jy koene in hele bulte minder tröffen ha.

K o r t s i c h t.

Nou, dat leau ik ek. It moeit my to minsten yet net, dat ik ta dy stap oergien ben. Hwet my

wol moeit: dat 'k it mar net fülle earder dien hab. — Mar ho let is 't al?

B o t e *sjucht op 't horlosie.*

It wirdt jimme hege tiid, neef, as jim de trein net ûntkomme litte wolle. En ik mat ek nei hûs. (*Mei 'n to mûk knikjen tsjin Sibrich.*) Goeden jûn jimme! (*Hy giet.*)

K o r t s i c h t. (*Sjucht nei de klok.*)

Dy deale ja! it wirdt ûs tiid. Röp Japik mar gau.

J a p i k *komt in.*

Hjir ben ik al, keapman.

K o r t s i c h t.

Help my mar gau de jas oan en kry mîn reistas; wy matte nedich foart, oars komme wy wrachtich yet to let. (*As er de jas oan het steekt er Sibrich de han ta.*) Nou Sibrichje, hald dy mar goed! Moarn kom ik întiids wer thûs, by wolwêsen. Ik hab ek al dealse gau wer langst nei hûs, der kenst wol op oan.

S i b r i c h *mismoedich.*

Nou, goede reis, Goffe! Kry mar gjin ûngelokken en kom sa gau as 't ken werom. Kenne jy siker wier net thûs bliuwe, jûn?

K o r t s i c h t

Né, dat ken nou net. Wy matte mar hird foart, Japik!

J a p i k.

Dat leau ik ek. Goeden jûn, frou! (*Hja geane foart.*)

Sibrich *sjucht nei de klok.*

Nou koe 't wrachtich yet sa mal wol ris bislaen, dat se to let by 't spoar komme. As se net dîvekerse red oanskonkje, ha 'k siker sorch dat se 't net redde. Hja moasten in heal ketier earder ta de doar út west ha. Mîn alde strampel ken by tsjuster ek sa hird net renne. As er ris oer in stien stroffelt en hy rekket to fallen, den het er hast in ketier wirk om wer op fuotten to kommen. Den is 't spil grif forlern. En 't ken bûten dat ek sa wol komme. Den ha 'k se mei in healûre hjir wer; dat scoe in dîvelse gekke streek tröch de rekken wêse. Mar den is 't Japik sîn skild. Dy lûbis fen in fint het de hele jûn it wirk opkeard. Ik hab dy stjonkert in 'e rekken en hy my ek, leau 'k. De alde is mei liif en siele foar him en ken gjin kwea fen him sjen en hearre. Mar ik seil 't der al op oanlidse dat dy fint takomme maye der út rekket, en as 't my slagje wol, yette earder. Hy is hjir fjirsten to ald in 'e koken en sjucht my tofölle in 'e kaert. Mar ho mat ik nou? In 't earste healûre sit ik in noed en frese. Scil ik sa lang thûs bliuwe? Den witte Heabel en hjarre en Bote ek net hwet se tinke matte. Nou, dat hoeft oars ek net, leau 'k. (*Hja rôpt by de doar.*) Bist der Gredske?

Gredske *efter de skermen.*

Ja frou, ik kom. (*Hja komt in.*)

Sibrich.

It plan wier, dat ik jûn hwet nei mîn sister

Heabeltsje ta scoe; den mast dou sa lang op 't hûs passe. Dat ken wol, net?

G r e d s k e.

Ei, ja wol. Hja scille my net stelle wolle. Den rekken se ommers mei my forlegen; de kost is djûr.

S i b r i c h.

Nou dat is den goed. Mar nou mat ik dy yette hwet sidse. Dy manljue benne sa stomme let ta de doar út rekke, trôch Japik sîn gedrammel, dat ik wrachtich sorch ha, hja scille de trein net krye.

G r e d s k e.

Dat scoe d... danige spitich wêse, frou, en ek skeadlik, net?

S i b r i c h.

Ja wrachtich! Mar as 't nou sa ris út komt, den kenne se mei in heal ûre wer thûs wêse.

G r e d s k e.

En den het mîn learspûtsery fen jûns doch ek yet om 'e nocht west.

S i b r i c h.

Der bist dou neat minder fen wirden. Mar hark ris! As 't ris wêse mocht, dat de manljue strak thûs komme, witste hwetst den dôchste, Greds? Den seiste: „de frou is der efkes út roan nei hjar sister ta,” en den fjuchtst as de dîveker ta de doar út, om my to warskouen. Scit dat dwaen?

G r e d s k e.

Ja, dat scil 'k wol dwaen. Mar as de keap-

man en Japik nou net werom komme, bjuwe jy den de hele jûn foart, frou?

Sibrich.

Den ken 't wol wêse dat ik foar in ûre of alve net thûs kom. Ik mat oars altiid jûns thûs scitte; 'k wol nou ris hwet by m'n sister wêse. Ik ben ek yet to jong om net ris in ûtflechtsje to hebben. Der leit wol in boek mei moaye preken, der kenst wol hwet in lêse. — Mar as de manljue thûs komme, den warskoust my dalik!

Gredske.

Dalik op 'e slach, frou! Ik scil fleane as in kûgel út it kanon.

Sibrich.

Nou, der forlit ik my op. Den mat ik nou mar foart. Jûn Gredske! (*Hja giet.*)

Gredske *allenne.*

Fölle pleisier, frou! Tocht jo dat ik hjir jûn sitte scoe to preeklêsen? Né, fen dy boer mar gjin earte. De frou sit ek wol gau ris to preeklêsen en hja is fülle ûndogenser as ik. Derom scil ik der mar net oan dwaen, den mocht ik ek ûndogenser wirde. Ik mat der mar tröch rolje sa 't ik ûtfallen ben, en hwer 't ik den op 't lest tolanne komme scil, dat mat de tiid leare. Oer dingen, dy 't böppe m'n forstan renne, ken 'k m'n hölle net brekke. — Is der ien?

*Dirk efter de skermen.*

Ja!

Gredske *sjucht tröch de doar.*

Kom hjir mar, jonge!



Dirk *komt in.*

Kom, dit is in moai bûtenkanske, oars net? Us mem sei, dou hiest hjar efkes to witten dien, dat it jûn lökke koe. Do hab ik hjir op 'e bûren sa lang hwet hinne en wer trape as ik seach, dat de frou der út ging. Benne wy nou feilich?

G r e d s k e.

Alhiel end al yet net. De keapman en Japik benne sa let ta de doar út rekke, dat se wol kans hadde dat de trein hjar ûntkomt. En den kenne se mei in foech healûre wer thûs wêse. Derom mast dou dalik yet efkes nei hûs gean, en as my den tinkt dat it gefaer foarby is, scil ik dy warskoue.

Dirk.

Dat scoe my doch stom spite, as disse kostlike jûn ûs sa bidoarn waerd.

G r e d s k e.

Sökken wit ik mear, dy 't dat stom spite scoe.

Dirk.

Dat bist sels, oars net?

G r e d s k e.

Ik sels ben nûmer ien, en nûmer twa dat is ûs frou en nûmer trye dat is Bote Wimmel.

Dirk.

Het dy der ek bilang by?

G r e d s k e.

Fregest dat yette? Ik doar der wol hûndert pûn klûntsjes op forwedsje, dat hy der jûn ek by Heabel-en-hjars komt.

Dirk.

Scoe 't mei Bote en Sibrich wrachtich wier hwet iens wirk wêse?

Gredske.

Men ken alles sûnder praten net sidse. Hja het for my in boek mei preken ré lein, der koe 'k jûn wol hwet in lêse, sei se.

Dirk.

Nou Gredske, it is tige forstannich for dy, datst *my* ljeaver jûn by dy ha woeste as datst sitten gîngste to preeklêsen. Mar ik mat sidse, keapman Goffe Kortsicht het den al hwet oanhelle mei sîn trouen, al ho lang as er wachte het.

Gredske.

Wis het er hwet oanhelle! Dou mast mar rekkenje, Heabel-en-hjarre en de frou hjar hele earme oanhang farre goed fen ûs keapman sîn boel. En hy is oars sa freeslike tai. Hy keart in heale cent wol saun kear om, ear 't er him utjowt. 't Is mar in gelök for de man, dat er der neat fen sjucht en bigript. Hy is yet in in goed gelove dat sîn jong wîfke tige for him oppast en kloek is, en hy is alderdanichst mei hjar in 't skik. — Mar Dirk jonge! nou mast yet efkes foart gean; oars ha 'k wrachtich sorch dat dy twa manljue ûs oer 't med komme.

Dirk.

Ja, ik scil yet wol efkes foart matte. Mar ik ken der hast net ta komme, fanke, om by dy wei to gean. Ik wol earst yet ris sjonge.

*Hy sjongt :*

Wise : *Het Pennelikkers-lied.* (\*)

Ienfaldich en natûrliek wei,

Rûnborstich, sljucht en rjucht,

Ik hald 't der for dat giet der mei,

By alles hwet men dôcht.

As immen deis it goede leart

En 't skandlik dôcht by nacht,

to-)Den giet de klok alheel forkeard) *twa gjerre.*) En wiist oars as er slacht. )*kear.*

Oer earlikheid en plichtdwaen praet

Baes Ealse nuv're smout.

Dy man is fry fen eigenbaet! —

Mar as men deroan leaut,

En kriget baes yen in 'e macht,

Den wirdt men knipt en skeard.

to-)Sîn klok wiist heel oars as er slacht) *twa gjerre.*) Sîn ûrwirk giet forkeard. )*kear.*

Ho 't Okke inskiklik prate ken,

Sa seaft as witten bry,

En mient de wiere braefheid en

De oprjuchte deugd is hy :

O! as er tsjin de ald kostfrou beart

En flökt út al sîn macht,

to-)Den merkt men: 't ûrwirk giet forkeard) *twa gjerre.*) En wiist heel oars as 't slacht. )*kear.*

Hans Pof, in folbloed liberael,

Tominsten in sîn praet,

(\*) Sjuch it „Liederen-Album,” útjown by Noothoven van Goor, to Leiden, blêds. 6.

Fiert tsjin sîn arbeidsfolk in tael

As 'n brimstich ar'stokraet.

Hy makket op forkiesing jacht,

Mar telt sîn mind'ren neat.

to- )Sîn klok wiist heel oars as er slacht,) *twa*  
*gjerre.*) Sîn ûrwirk giet forkeard. ) *kear.*

Klaes Oenes kibbet thûs mei 't wiif

Unbîdich soms en lûd.

Op 't hevichst fljucht er hjar to liif

En jowt hjar op 'e hûd.

Freeds rîdt dat pear, as barde er neat,

Nei sted mei fülle pracht.

to- )Der giet de klok bipaeld forkeard ) *twa*  
*gjerre.*) En wiist oars as er slacht. ) *kear.*

Frou Sibrich, sa 't wol liket, het

It goede wol foar 't doel.

De tsjerke dy forsit se net

En preken lest se in boel.

Mar dy 't neiby hjar kennen leart

Seit: mei hjar deugd is 't nacht.

to- )Hjar klok dy giet alheel forkeard ) *twa*  
*gjerre.*) En wiist oars as er slacht. ) *kear.*

T o g j e r r e .

Mar as men goed yen sels bisjucht

En tige opmerksum let

Op alles hwet men lit en dôcht

Of wol ris útferd het;

Den fielt men, — ho 't me oer oaren beart

En se om hjar kwea foracht,

Us klok giet somtiids ek forkeard) *twa*

En wiist oars as er slacht. ) *kear.*

## OARDE BIDRJUW.

DE WENKEAMER FEN SJIRK EN HEABEL. Oan de iene side in doar. Oan dy side mat men yen neist de keamer in foarhûs foarstelle, mei in winkeltsje der in, fen sterke drank en oare hûshaldlike waren.

*Sjirk en Heabel sitte by de tafel,  
dy 't ré stiet om koffidrinkers to  
forwachtsjen.*

Sjirk hinget lwi op 'e stoel.

Jow my hwet, Heabel.

Heabel.

Ei sleaue koalle, mast dou al wer hwet ha?

Sjirk.

Jow my mar in stik krintebôle.

Heabel.

Krintebôle! jawol! Dou hingest gear fen krintebôle. It hele ierdrik moast krintebôle wêse, den koest mar plat op 't liif lidsen gean to iten. Den hiest it ek maklik, sa wost doch ljeafst.

Sjirk.

't Ken my allegjerre neat skele, mar ik wol jûn goed hwet ha. Der is by de bult en 't giet fen keapman Goffe sines; der ken 't wol ou. Ik wol my jûn ek in stik in 'e krage sûpe.

Heabel.

Ja, 't mat foaral en biljeaven mar sa mal as 't ken. Ik ha ljeafst, Sjirk, datst dy jûn hwet fetsoenlik haldste en draechste. Wy krye hjir ek fetsoenlike ljue.

Sjirk.

Fetsoenlike ljue! — Bote Wimmel en din sister, dat benne fetsoenlike ljue! Och heargen noch ta! Hja benne beide nedich hjar fetsoenlikens to halden. Hja benne lang sa fetsoenlik net as ik, al spitgnîskje se soms om my.

Heabel.

Skimp mar net, ik scil dy wol in stik krintebôle jaen. (*Hja jowt it him.*) Stil! der komme guods oan. Nou hjir net sitte to krintebôle-iten, Sjirk!

Sjirk.

Is 't net stom?! Nou, den mat 'k it mar sparje ta moarn. (*Hy moffelt it út 'e wei.*)

Bote Wimmel en Sibrich komme in.

Bote.

Der benne wy al.

Sibrich.

Twa mösken in ien flap.

Heabel.

Wel men seit der fen! Nou benne de jonge ljue togjerre hjir hinne kuyere.

Sibrich.

Né, wy troffen elkoar hjir krekt by de doar.

Heabel.

Nou, gean sitten.

(*Hja nimme plak by de tafel, Heabel jiet koffi in.*)

Sibrich.

Nou sit ik yet net rjucht mei wille. Ik ha

sorch dat ús manljue de trein net krye koene,  
en den is 't fen sels, den komme se wer thûs.  
En den mat ik ek hird wer nei hûs.

H e a b e l.

Der scoene men 't beste fen hoopje.

S i b r i c h.

Ja, dat scoe men doch! Ik mat alle dagen in  
'e potkast sitte, en alles hwet ik hear en sjuch  
is allike sûr en tai. Men mei nauerneed efkes  
laitse. As 'k sa mîn beste libbenstiid forslite mat,  
den is 't net fülle. Nou hie 'k my der jûn nei  
set om ris flink tröch to drayen; der hie 'k rjucht  
sîn oan. Mar as dy dîvelse manljue nou strak  
wer thûs komme, wirdt it wer neat.

B o t e.

Nou, ik hab der net fülle noed mei. Hja  
benne ta de doar út gien sahwet krekt in ketier  
foar saunen, en as se fiif minuten oer saunen by  
't stasyon wieren, kamen se net to let. Dat koene  
se wol redde, as se mar goed opstapten, en dat  
scille se wol dien ha; hwent de alde hie tige  
sîn oan dy öksen. It bloed krûpt altiid der 't net  
gean ken, oars net?

S i b r i c h.

Nou, ik hoopje al dat se op dy trein komd  
benne.

S j i r k.

En as dy trein den op 'e kop in 'e feart  
fleach, dat woest licht ek wol.

H e a b e l.

Dou komst altiid mei de klompen in 't spil.

Dat scoe al raer winskjen wése! Tinkst der wol om hofölle menskelibbens der oan hingen?

S i b r i c h.

Fy ja! dat is to freeslik om der om to tinken. Mar as se nou ris werom matte, den is 't ek yet net fest dat se dalik wer nei hûs gean. Hja kenne ek wol hjir of der oan sile, der 't se in skoft sitten bljuwe kenne to plakken. Sadwaende ben 'k de hele jûn in noed.

B o t e.

Kom, dat is nou to gek. Hja benne wol op 'e trein komd, der ken jy grif op oan. Jaen jo hjir mar gerest del. Jy sitte oars altiid mei sa'n alde droege, forfelende kerel opskipe. Jy matte jo nou mar ris goed oan de frolikheid oer jaen.

S j i r k.

Dy 't in forkearde konsjensie het ken him net gerest del jaen.

H e a b e l *stroef.*

Nou, hwa het in forkearde konsjensie?

S j i r k *koelbloedich gnâskjend.*

Dy 't forkearde dingen dôcht.

H e a b e l.

Hwet forkearde dingen?

S j i r k.

Dy 't men wol by tsjuster ûtfiere doar, mar by ljochtskîndei net.

B o t e.

Hark ris ljue! Wy sitte hjir nou fry en fredich by elkoar en nimmen ken ûs lette. Wy drinke



hjr koffi, mar dat krye wy ommers alle dagen thûs ek. Ik tominsten wol twakear op in dei. My tinkt, Heabeltsje, dy koffiboel mat mar fen de tafel ou; en den moasten jy der mar in pear flessen wîn op sette mei in stik of fjouer glêsen en hwet sûker. Den wolle wy de sorgen ris fen 't hert spiele, en alle noed en swierrichheid mat oan 'e kant. Wy wolle hjr nou ris in frolike jûn ha. Ik ben in frjûn fen fryheid. Frye frolikheid mei ûs in dit dîsenige libben lang net faek enoch barre, nei mîn sin. Mar 't mei ûs hjr jûn nou doch ris barre, en derom wol 'k it der ek ris tige fen nimme. Ik hab in sangkje makke op de Fryheid; dat matte wy mar ris mei 'n oar sjonge, den komt der ris hwet libben in 'e brouery. Ik seil wol insette.

*Hja sjonge mei 'n oar.*

Wise: *Welkom, welkom vaderland.*

Fryheid, fryheid is ûs sin

Safolle as 't lye ken.

Hwa wol oan 't lîntsje renne

Salang 't we ûs reppe kenne?

Né, libje flink en fry, ) *twa*

Der blijuwt men fleurich by. ) *kear.*

Fryheid mei in frisse moed

Dat sit in 't friske bloed.

Us alden hadde strîden

For fryheid alle tîden,

En derom libje wy ) *twa*

In Frîslan nou sa fry. ) *kear.*

Friesen, bliuw nou dreech en wiis

En stel dy skat op priis.

Scill' wy as wimpels draye,

Nei 't alle winen waye?

Den benn' we lang net mear ) *twa*

De Friesen fen alear. ) *kear*

De alde Friesen wieren fry

En Friesen bliuwe wy.

Dat erfskip fen ûs alden

Dat siikje wy to halden.

Wy dildsje hjir in 't lan ) *twa*

Gjin twang, gjin slaveban. ) *kear*.

Fry in tinken en in dwaen,

Mar eang fen bûtenslaen,

Fen laffe kwasterye

En modeslavernye,

Den nimt gjin freamd pohei ) *twa*

Us op it sleptou mei. ) *kear*.

Flink op eigen skonken gean

En op yens stik to stean,

Mei 't nedige tofreden,

Fy fen útwardske seden,

En göl en rûn der by, ) *twa*

Dat makket immen fry. ) *kear*.

Wierheid by in helder ljocht

Mei tinkend oerlids socht;

Yens miening net forswye,

Gjin tsjustre dompers mye,

Mar wers fen falske skîn, ) *twa*

Der stiket fryheid in. ) *kear*.

Fryheid, fryheid is ûs sin  
 Safölle as 't lye ken.  
 Hwa wol oan 't lintsje renne.  
 Sa lang 't we ûs reppe kenne?  
 Né! libje flink en fry, )*twa*  
 Der blijuwt men fleurich by.)*kaer*.

## Sjirk.

Dat sangkje stiet my wol oan. Mar der benne ek ljue, dy nimme tofölle fry, en den reitse se fen sels oan 't lintsje fen ljue, dy 't se ta frjûn halde matte, om for hjar to swyen. Den matte se hjar mye en de mûle halde for ljue dy 't se oars fier ûnder hjar achtsje. Sökke ljue benne net fry, al miene se fen al.

## Heabel.

It is eigentlik danige spitich, Sjirk, datst dou gjin dominy warden biste. Den hiest ek in maklik en lekker eintsje libben ha kend; dat is doch dîn sin.

Bote, *skrutel*.

Hark! benne der gjin guods by de foardoar?

Heabel, *forheard*.

Ja wrachtich! — Ik moast dy doar op 't slot dien ha! Dat is gek! Hwa meye dat wêse, op 'e lette jûn?

Sibrich *ek skrutel*.

Gjin strûnders, see men hoopje! Mast der net gau hinne, Heabel? Oars komme se hjir yette.

Heabel *steekt in lîtse lampe op, mar ear 't hja der mei klear is komme der twa de keamer*

*in. It benne Kortsicht en Japik, mar inkenber. Japik is klaid in frouljues klean, as in lietsjongers-wiif, mei in wite mütse op, in doek om 't kin en in bosk lietsjes by 't jak in. Reabúnt en plakkerich is er om 'e hölle. Kortsicht ek as in merkereisger, mei falsk bird, in pet mei 'n greate klep of in hoed mei in brede ranne, en in griene lape oer de eagen, om 't er, sa 't hjit, net best sjen ken. In fyoete of in harmonika het er únder de earm en Japik het him by de iene han beet. Japik praet mei in foroare lúd.*

J a p i k.

Wennet Lutske Flípflap hjir yette?

H e a b e l.

Lutske, de widdou fen Jan Rimmerts? Né, dat menske het al in jiermannich dea west.

J a p i k.

Wirdt hjir den ek gjin nachtketier mear halden, for ljuwe lík as wy?

H e a b e l.

Né!

J a p i k.

Nou, dat moet my danich, hwent der hiene wy op rekkene. Sjuch jy frou, ik hab hjir nou in in jier of tsien net west. Do 'k in fanke wier kaem ik hjir wol ris mei ús mem; dy reisge ek sa tröch 't lan, en den bleauen wy nachts altiíd by Lutske Flípflap. Dy wenne hjir in dit selde hús, dat ha 'k goed únthalden. Hja hie do ek sa 'n pear famkes, omtrent fen mín jierren, dy hjitten Si-

brichje en Heabeltsje. Dy benne nou fen sels ek al great, as se yet libje.

Sjirk.

Ja, dy benne great, en ek tige great, sids ik jo. Hja benne beide foarnaem troud. Foaral Heabeltsje, dy wol lang gjin herberge for omrenders halde.

Heabel.

Dat benne mar ouwaide praetsjes. Mar jim benne hjir forkeard to plak, wifke. 't Is 't beste dat jim mar gau oars omsjogge.

Japik.

Och heden! hwer scille wy renne in 'e lette jûn? Wy benne hjir alhiel ûnbikend, en mîn man ken sa min sjen.

Sibrich.

Op 't ein fen 'e bûrren wennet in boer, dy scil jimme wol halde wolle. Dy haldt wol ris mear sôkke ljue.

Japik.

De boeren lidse allegjerre al op bed. As wy der nou oankloppen scoene de ljue bang wirde. De boer scoe sîn revolver siikje en ûs fen 't hiem jeye.

Bote.

Ken jou man net prate, wifke?

Japik.

Jawol baes, mar hy is in ûtlanner. Hy ken de ljue hjir net forstean en de ljue kenne him ek hast net forstean. Derom mat ik it wird mar dwaen.

B o t e.

Spilje ken er fest wol, net?

J a p i k

Ja baes, spiljen en sjongen is ús effear.

B o t e.

Dat tocht ik al. (*tsjin* Heabel en Sibrich.) Wit jimme hwet my tinkt? As dy ljue hjir bljuwe, kenne se net in 'e bûrren fortelle hwet selskip se hjir sjoen ha.

S j i r k.

Né, dat ken gjin ljocht fordrage.

B o t e.

Wy moasten dy ljue hjir mar by ús halde. Wy forsjugge hjar fen 't nedige wiet en droech en hja matte hwet for ús spilje en sjonge. As wy ús nocht der fen ha jowe wy hjar in goede stikelpingje, en den matte se moarnier, ear 't it dei wirdt, meitse dat se wer in goed ein foart benne. Ho liket jimme dat ta?

H e a b e l.

Ik leau wrachtich, dat is 't beste hwet wy dwaen kenne. Hja matte hjir mar net mear in 'e bûrren omstrune, dat sjen 'k nou ek in.

S i b r i c h.

Ik leau it wrachtich ek. Wy matte hjar ta frjûnen halde.

S j i r k.

It liket my tige moai ta. Ho mear plesier ho ljeaver.

B o t e *tsjin* Japik.

Nou wifke, hwet tinkt jo fen ús plan?

J a p i k.

Dat ken jy licht bigripe, baes. Wy wolle jimme graech fen tsjinst wêse. En den benne wy mei ien ûnder dak.

B o t e.

Moai sa! Den moasten wy mar ris dûnsje, tocht my.

H e a b e l.

Jonge ja! de footten ris ûtskôdsje, der ha 'k ek wol sin oan. Dou ek wol, net Sibrich?

S i b r i c h, *lairsende*.

Nou, dit wirdt my ûnbîdich genoch. Sa mar in ienen dûnsje!

B o t e.

Kom kom! wy matte nou safölle wille ha as wy mar krye kenne. Ik hab jûn in goed sin, dat matte jimme ek ha.

S j i r k, *gnîskjend*.

Ja, to mar, Sibrich! Der is nou gjin gefaer mear dat dîn alde jûn werom komt, sa let is 't al.

S i b r i c h.

Nou, to den mar! Ik jow der ek gjin wealich mear om. Hja scille nou wol wei bliuwe, hoopje 'k.

B o t e.

Ja, mael der net mear oer. — Kom Sjirk, dou mast ek fen 'e stoel.

S j i r k.

Ik scil mar sitten bliuwe om 't spil ris oan to sjen. Ik ben to stram fen 't arbeidsjen.

## B o t e.

Né, gjin gemael! dou dôchst ek mei. Mar gau oerein. En nou de tafel en de stuollen oan 'e kant, en den matte wy mar musík ha.

Kortsicht *bigjint to spíljen en Japik to sjongen; de oare fjouer reitse oan 't dúnnsjen. Hja kenne mei sjonge of net, nei 't men 't goed fínt.*

Wise: *Een twee drie vier vijf zes zeven.*

Nou de sorgen út de hölle.  
Sorgen jowt it fjirs to fülle.

Foart der mei! Smít se wei, )  
As ús wille barre mei. ) *twa kear.*

Lit ús nearne swier oer tille,  
't Is ús nou to dwaen om wille.

Spring en sjong. Wy benn' jong )  
En it libben giet sîn gong. ) *twa kear.*

As wy alde strampels benne  
En op trye skonken renne,

Ben we er ou. War jim nou! )  
Hwent dy tiid komt licht to gau. ) *twa kear.*

Lit de dompers hersenskrabje,  
Lit se kibje, lit se rabje.

Libje wy bliid en fry, )  
Der blijwt immen flinker by. ) *twa kear.*



Lit guods dy 't net gîng nei wensken,  
Gnorrich wêse op alle mensken,

Mei gegrîn, fôl fenîn. )  
Sökken ha de dûvel in. ) *twa kear.*

Tsjûk fen bloed en swart fen galle  
Benn' se dy 't oer striekes falle.

Hja ben' mis, dat is wis, )  
Om 't de wrald gjin doafpot is. ) *twa kear.*

't Bloed mat flot tröch de ieren renne,  
't Each mat helder bliuwe kenne;

Alles stjûrd, fol fen moed, )  
Dertor is biweging goed. ) *twa kear.*

Ja! de sorgen út de hölle;

Sorgen jowt it fiers to fülle.

Foart der mei! Smît se wei, )  
As ús wille barre mei. ) *twa kear.*

B o t e.

Is dat nou net ris echt moai gien?

S i b r i c h.

Sa moai as 't ken. Hwa scoe dat tocht ha,  
dat wy hjir jûn sa los reitse scoene?

H e a b e l.

Dat koe gjin ien tinke. Dy spilman komt  
ús mar ris bysûnder to pas.

S j i r k *falt op in stoel del.*

Ik ben al wirch. 't Is swjirder wirk as ar-  
beidsjen, leau 'k.

B o t e.

Nou, kom, Sjirk, wy matte yet mear. Spilman,  
wy matte mar wer musik ha.

K o r t s i c h t.

Dat hoeft net. Ik wol dy ljeaver hwet oars.

J a p i k *mei sîn eigen lûd,*  
*tsjin* Kortsicht.

Benne jou eagen nou al hwet opklearre ?

K o r t s i c h t.

Ja, ik ken nou goed sjen. Kom mar mei, ik  
wol der tsjûgen by ha.

*Kortsicht en Japik geane foart. De oaren  
sjugge elkoar tige forheard oan. Sjirk  
bigjint tige to laitsen.*

H e a b e l.

Och hea ! dat benne keapman Goffe en Japik ;  
nou hearde 'k it in ienen oan 't lûd.

*Sibrich falt alhiel fen hjar  
saken op in stoel del.*

Nou is der gjin rie in 'e wrald mear ta.

B o t e.

Ik leau fen wol. 't Is in domme set for hjar,  
dat se hjir wei renne ; der kenne wy ûs foardeel  
mei dwaen Mar gau biredt wêse. Jy matte sa  
hird as 't ken nei hûs en den as de dêveker jo  
forklaye en 't nachtguod oan. Dat ken best by  
de tiid dat hja thûs komme ; hja matte hjar yet  
waskje en forklaye. En den de kop der mar  
foar halde. Jy lige tsjin alles oan en sidse dat  
jy de hele jûn thûs west ha. Kom mar ! ik seil

wol mei jo gean. (*Tsjin Heabel.*) Heabel, as hjir guods komme, den haldst ek fol, dat wy hjir net west ha.

H e a b e l.

Jawis! Ik scil my net forprate; der ken jy wol op oan.

*Bote en Sibrich geane foart.*

*Sjirk, laitsende.*

Moayer grap ha 'k in lang net bilibbe.

H e a b e l, *wils 't se de tafel en  
hjar stoel wer to plak set  
en den bidaerd sitten giet.*

Dou hest mar 'n hopen gegniis, Sjirk. As hjir dalik guods komme, mast mar oppasse en forbabbelje dy net.

*Sjirk, laitsende.*

Hwet ken in menske al in 't sipelsop reitse, as er dingen döcht, dy 't gjin ljocht fordrage kenne.

H e a b e l.

Hark! der komme, leau 'k, wer guods op 'e búrren oan. Hald nou doch op fen laitsen, ju!

Sjirk.

Nou goed, mar den wol ik strak ek yet hwet ha. Alles hwetst dou jûns inredt heste, op order fen Bote Wimmel, dat halde wy nou, net Heabel?

H e a b e l.

Ja, dat halde wy, en 't wirdt ûs goed bitelle. Dou scit der ek goed hwet fen ha, ast nou ek mar goed op dîn iepenst biste. Stil! der benne se.

Kortsicht en Japik, *nou wer in hjar eigen klean, komme in, mei eksteur en de fjildwachter.*

K o r t s i c h t, *stroef.*

Hwer benne dy ljue nou, dy 't hjir niis wieren?

H e a b e l.

Ik wit net hwet jy miene, keapman. Hjir habbe gjin ljue west. Is der ûnrie by jimmes?

J a p i k.

Ik hear 't al, it is hjir fiskjen efter 't net. Wy matte mar gau nei hûs, keapman, en sjugge ris ho 't der stiet.

K o r t s i c h t.

Ja, mar gau. (*Tsjin de fjildwachter.*) Jy bliuwe hjir yette in poaske to oppassen. Hjir koe yette wol ris hwet skûlje.

Kortsicht, Japik *en de eksteur geane wer foart.*

S j i r k, *tsjin de fjildwachter dy 't de keamer op en del trapet.*

Hwer matte jy hjir op passe, man? Hwet miene jimme dat hjir skûlet? Wirde wy faek bitocht, dat wy stellen guod inbirgen ha? Ho lang mat dit oppassen hjir dûrje? — Dy man wol neat sidse. Dou meist ûs wol ris traktearje, Heabel.

H e a b e l.

Traktearje? Der ha 'k net fülle oan. It is bedgongers-tiid for ûs. It is in dûvelske malle boel, dat wy hjir de polisie sa mar in 'e hûs krye, sûnder dat wy hwet op ûs lea ha.

S j i r k.

Ik hab tominsten neat op mîn lea. Ik hab in

frye konsjensie en dat is in ding fen bilang, sa tink ik der oer. Den ken men wol sjonge, al rent der ek in man mei in stok en in sabel in 'e keamer om, om op yen to passen.

*Hy sjongt, en Heabel ek mei.*

Wise: *De wereld is in rep en roer.*

Döch alles sa by ljochtskin dei,  
Dat elk it sjen en witte mei.

Den hoeft dy net to myen  
For guods dy 't leger stean as dou,  
En hest dy nei forkearde ljuw  
To skikken noch to flyen.

Den stekst dîn hölle flink omheech  
En lidse ek oaren soms dy leech,  
Hwet ken 't dy fölle lette?  
Dou seist dîn miening flink en rûn,  
En guods, inwindich net to sîn,  
Kenst fry torjuchte sette.

Dy de echte wiere fryheid mint,  
Ken 't skele hwer en ho 't er rent,  
Om net in 't net to reitsen  
Fen dwaesheid en forkearde nocht.  
Ien dy 't goed út sîn eagen sjucht,  
Mat derfor sjen to weitsen.

---

**TREDDE BIDRJUW.**

IT SELDE TOANIEL AS IN 'T EARSTE BIDRJUW.

*Dirk en Gredske sitte by de  
tafel, mei in flesse wîn mei  
twa glêsen en in trompke mei  
koekjes der op.*

*Hja sjonge op 'e wîse fen: Mîn Tsjamke, mîn Tsjamke.*

Dirk.

Greds, hwet ha 'k it nei mîn sin,

As 'k by dy allenne ben.

Ja den is in ûre my

Krekt as in amery.

Och ja mîn alderbeste,

Mîn beste, mîn beste!

Ik hoopje dat 'k ten leste

Yet ta mîn wiif dy kry.

G r e d s k e.

Dirk, dou bist in aerd'ge snaek,

Tink ik in mîn eigen faek.

'k Hald in tige bult fen dy,

Mar der ek blijuwt it by.

'k Mei graech hwet by dy sitte,

Ja sitte, ja sitte.

Fen 't oare wol 'k net witte;

Dat is gjin saek for my.

T o g j e r r e.

Hald mar jimmer goede moed,

Den komt einlings alles goed.

Al to haestich is forkeard,

Dat wirdt ûs altiid leard.

Wy halde in alles mjitte,  
De mjitte, de mjitte,  
En hoopje dat it yette  
Ris goed mei ús biteart.

G r e d s k e.

Nou is 't fordeald al healwei alven! Hwet is  
my dy tiid kort fallen, Dirk.

D i r k.

Nou my to minsten, der kenst wol op oan.  
Al dûrre 't in jier sa, dat scoe my net forfele.  
Ik hoef yet lang net foart, wol Gredske?

G r e d s k e.

Nou, ik wit net! Ik mocht graech lye datst  
hjr ont moarnier fiif úre ta bljuwe koeste. Mar  
de frou het sein, hja kaem om alve úre thús.

D i r k.

Der seil wol hwet by komme. 'k Wol ljeaver  
leae dat it ien- en twaën wirdt. Ont toalve úre  
ta doar 'k hjr tominsten fry bljuwe.

G r e d s k e.

Nou, ik wit net, Dirk, as dat wol lye ken.  
'k Woe net graech, dat de frou dy hjr fûn. Den  
koe 't best sa mal gean, dat se ús beide ta gelik  
der út jage.

D i r k.

Wel stom noch ta! Is 't den sa 'n great  
skelmstik, dat ik hjr hwet by dy ben?

G r e d s k e.

Né, mar sa benne sökke ljue; der 't se hjar  
sels in to bûten gean, dat wolle se fen in oar

net lye. Dat is skînheiligens, mast tinke, ek al om de keapman de eagen ticht to kliemen. Hy is gjirrich, ûnbitrousum en erchtinkend. Hy wol by nacht gjin freamd folk in 'e hûs ha, en nou mat hja der ek fûl op wêse.

Dirk.

O, o! as dy alde de eagen ris iepen komme, den scil 't ek stjonke.

*Gredske skril.*

Der wirdt oan 'e doar draid. O dêvel! der is de frou al, tink ik.

*Dirk ek skril.*

Wel stom! Ho scil 't nou?

*Gredske lûkt de kleankasdoar iepen.*

Hjir mast mar in; den mat 'k dy strak stil ta de doar út sjen to kryen. Mar gau! hja stompt al wer mei dêvels geweld oan 'e doar.

Dirk giet in 'e kleankas. Gredske pakt haestich de flesse, de romers en it trompke fen 'e tafel, jout him dat oer en dôcht de kasdoar ta. Hja leit in 'e ren wei it preekboek iepen op 'e tafel; den rôpt se trôch de keamersdoar.

Is der ien?

*Sibrich fen bûten foar de foardoar.*

Ja, dôch mar iepen, to gau!

Gredske giet der hinne en komt dalik werom; nou benne Bote en Sibrich by hjar, danige haestich en driftich.



S i b r i c h.

Nou mat ik mar gau nei de oare keamer om my út to klayen. Bote scil 't dy wol fortelle. (*Hja giet in de oare keamer.*)

G r e d s k e.

Is der ûngemak? Hwet skeelt der doch oan?

B o t e.

Harkje mar ris nei my. Hjir, pak dit mar earst oan. (*Hy trjuwt hjar in muntbrjifke in 'e han.*) Gau, hwent ik mat der ek wer út. De frou is jûns nei hjar sister gien, lík aste witste. Ik hie 'n boadskip oan Sjirk, ik roan der in en bleau der hwet sitten te praten. Wy sieten der fredich en aerdich by elkoar, mar wy benne der raer forsteurd.

G r e d s k e.

Dat is my ek wol ris oerkomd.

B o t e.

Nou, dat is dat. De keapman en Japik benne net foart rekke, mar yette in 'e bûrren. De alde is 't wís wurden dat wy der sieten, hy skînt opstokele to wêsen, en nou is er alhiel op 'e ren. Japik en hy komme dalik thûs, mogelijk wol mei de polisie by hjar.

G r e d s k e.

Der is gjin smiten mei de mûtse nei!

B o t e.

Nou hest dou oars neat to dwaen as mar stiif-fest fol to halden, dat de frou de hele jûn by dy thûs west het, en hjir îverich sitten het to nayen

of to breidsjen. Hwet der mear by to pas komt, scitte sels wol bitinke kenne. Wost dat dwaen, Greds? Dou scit der gjin skea fen krye.

G r e d s k e.

Nou, den mat ik dat mar dwaen.

B o t e.

Ja, pas mar op, datst dy net forsnapste. Dou bist goed útslijpt en net op dîn mûltsje fallen. Dou siitte 't wol foar 'n oar halde, der ben 'k net oer in noed.

S i b r i c h, *mei 't nachtjak oan en de wite mûtse op.*

Nou, hjir ben ik al.

B o t e.

Nou geane jimme elk oan in kant fen de tafel sitten, de iene to lêsen en de oare to breidsjen; en sa ha jimme der de hele jûn by 'n oer sitten, dat 's fen sels. Hwet jimme fjirder sidse en swye matte, dat matte jim sels mar witte. Pas mar goed op jim tellen. Ik mat jimme nou oan 't lot oerlitte. Ik mat der nedich út; oers fine se my hjir yette.

G r e d s k e.

Ik scil jo der efkes út litte. De doar is op 'e knip en dy mat der wer op.

B o t e, *as er by de keamers-  
doar is.*

Is 't net biroerd? Der benne se wrachtich al oan 'e doar. Hwer scil 'k hinne? (*Hy rent nei de kleankas*). Hjir ken 'k wol in, net?

G r e d s k e, *pakt him by de earm.*

Né, né! der stiet in hele boel guod op 'e fier; as dat bigjint to ratteljen en to rinkeljen, ben jy dalik forklapt.

S i b r i c h.

Hwet guod stiet der den? Der wit ik net fen.

G r e d s k e.

Der stiet glesporslein, dat hab ik der niis in set. (*Hja wiist him nei de oare kast.*) Mar gau! Ik mat nei de foardoar, dy ljue benne der haestich.

B o t e, *giet in dy kast.*

G r e d s k e, *röpt tröch de keamersdoar.*

Is der ien?

J a p i k, *fen bûten foar de doar.*

Ja, döch mar gau de doar op. 't Is goed folk.

G r e d s k e.

Jimme benne fest forbjustere. De herberge is twa hûsen fjirder.

J a p i k, *yette foar de doar.*

Né, wy matte hjir wêse. *Wy* benne 't, Greds! De keapman en Japik. Döch mar gau de doar op.

G r e d s k e, *giet nei de foardoar. Wils 't se mei Kortsicht, Japik en eksteur wer in 'e keamer komt, seit se:*

Ho komme jim nou sa let in 'e jûn werom? Ha jimme net op 'e reis west?

K o r t s i c h t, *lilk.*

Hwer is de frou?

G r e d s k e.

De frou sit hjir by de tafel.

S i b r i c h.

Ik ben hjir? Hwet is der to redden? Is der in ûngelök bard?

K o r t s i c h t.

Kom, dat hest ris flink opskipperre. Nou sitst hjir al wer in 't nachtjak, krekt as der neat bard is, en niis wierst drök oan 't dûnsjen en springen.

S i b r i c h.

Niis oan 't dûnsjen en springen? Nou is 't ek brik! Ha wy oan 't dûnsjen en springen west, Greds?

G r e d s k e.

Wel wrachtich net. Wy hadde hjir de hele jûn by 'n oar sitten to nayan en to breidsjen en to lêsen.

K o r t s i c h t *tsjin* Sibrich.

Dou hest ommers de hele jûn by dîn sister west, en der hest mei Bote Wimmel omslingere, en der ha jimme dûnse en sûpt en songen en maltjirge as gekken.

S i b r i c h.

Och heden, hwet is 't akelik! (*Hja rekket danich oerstjûr, sa 't liket.*)

G r e d s k e.

Keapman, ho komme jy der nou sa dûvelske mal by? Hwa het jo dat in 'e earen blaesd? Dy het jo tofoaren liichd as in beest. De frou het hjir de hele jûn by my thûs sitten, dat sids ik jo yette ris.

K o r t s i c h t.

Dat ken ommers ûnmogelik wier wêse.

J a p i k.

Wel né, ho scoe dat wier wêse kenne? Dy faem is omkocht om for hjar to ligen.

G r e d s k e.

Ast dou mar net omkocht biste om to ligen; biroerde fint! Dou bist altiid tsjin de frou.

S i b r i c h *hikkerjende en skriemende.*

Ja, dy fynt het in hekel oan my. Om hwet reden dat wit ik net. Mar dat er my sa bilasterje scoe, dat hie 'k yet net tocht.

J a p i k.

Praet net fen lasterjen, frou. Wy hadde ommers by Heabel en hjars west, wils 't jimme der wieren.

K o r t s i c h t.

Ja, wy hadde alles foar ûs eagen sjoen. Dat is doch gjin gûchelspil.

S i b r i c h, *yet al mear oerstjûr.*

Hwet jy sjoen ha, der ken 'k neat fen bigripe. Mar MY ha jy der net sjoen, dat sids ik jo. As jy dat nou net leaue wolle, den matte jy 't mar witte.

K o r t s i c h t.

Ik scil 't ek witte. Ik wol fen dy ou; ik wol skaet wirde mei 't rjucht. Derom hab ik eksteur dalik mar mei nomd; den ken dy mar in ienen proces verbael opmeitse fen de saek.

G r e d s k e.

De frou sit hjir by de tafel.

S i b r i c h.

Ik ben hjir? Hwet is der to redden? Is der in ûngelök bard?

K o r t s i c h t.

Kom, dat hest ris flink opskipperre. Nou sitst hjir al wer in 't nachtjak, krekt as der neat bard is, en niis wierst drök oan 't dûnsjen en springen.

S i b r i c h.

Niis oan 't dûnsjen en springen? Nou is 't ek brik! Ha wy oan 't dûnsjen en springen west, Greds?

G r e d s k e.

Wel wrachtich net. Wy hadde hjir de hele jûn by 'n oar sitten to nayan en to breidsjen en to lêsen.

K o r t s i c h t *tsjin* Sibrich.

Dou hest ommers de hele jûn by dîn sister west, en der hest mei Bote Wimmel omslingere, en der ha jimme dûnse en sûpt en songen en maltjirge as gekken.

S i b r i c h.

Och heden, hwet is 't akelik! (*Hja rekket danich oerstjûr, sa 't liket.*)

G r e d s k e.

Keapman, ho komme jy der nou sa dûvelske mal by? Hwa het jo dat in 'e earen blaesd? Dy het jo tofoaren liichd as in beest. De frou het hjir de hele jûn by my thûs sitten, dat sids ik jo yette ris.

K o r t s i c h t.

Dat ken ommers ûnmogelik wier wêse.

J a p i k.

Wel né, ho scoe dat wier wêse kenne? Dy faem is omkocht om for hjar to lîgen.

G r e d s k e.

Ast dou mar net omkocht biste om to lîgen; biroerde fint! Dou bist altiid tsjin de frou.

S i b r i c h *hikkerjende en skriemende.*

Ja, dy fynt het in hekel oan my. Om hwet reden dat wit ik net. Mar dat er my sa bilasterje scoe, dat hie 'k yet net tocht.

J a p i k.

Praet net fen lasterjen, frou. Wy hadde ommers by Heabel en hjars west, wîls 't jimme der wieren.

K o r t s i c h t.

Ja, wy hadde alles foar ûs eagen sjoen. Dat is doch gjin gûchelspil.

S i b r i c h, *yet al mear oerstjûr.*

Hwet jy sjoen ha, der ken 'k neat fen bigripe. Mar MY ha jy der net sjoen, dat sids ik jo. As jy dat nou net leaue wolle, den matte jy 't mar witte.

K o r t s i c h t.

Ik scil 't ek witte. Ik wol fen dy ou; ik wol skaet wirde mei 't rjucht. Derom hab ik eksteur dalik mar mei nomd; den ken dy mar in ienen proces verbael opmeitse fen de saek.

J a p i k, *döcht de kasdoar op  
en den in stap tobek.*

Wel stom! der stiet ien in 'e kleankas.

K o r t s i c h t, *forheard.*

Ho dīveker is 't nou?

E k s t e u r.

Kom, dat is in arrestant for my. Kom der  
mar ris út, heite!

Dirk *komt út de kleankas.*

Nou, hjir ben ik. Eksteur, jy kenne my. Jy  
scille fest wol leaue wolle, dat ik hjir net komd  
ben to stellen.

E k s t e u r.

Hwerom bist hjir den komd?

Dirk.

Ik scil jimme de hele wierheid mar rûnût  
sidse. Oars sjuch ik wol in, dat ik sels tige in  
't ûnleech reitse ken, en dat wol 'k om in oar  
sîn forkearde streken ljeafst mar net. Sint jûn  
om in ûre of acht hab ik hjir al west. Ik hab  
de faem hwet selskip halden, wils 't de frou nei  
hjar sister wier to koffidrinken. De frou kaem  
earder thûs as wy forwachte hiene. Ik woe hjir  
net ljeafst sjoen wirde, derom gīng ik in 'e kas  
stean. Wy tochten, as de frou op bed wier, scoe  
'k wol stil ta de doar út komme kenne.

K o r t s i c h t.

Dat forhael klinkt wer rjucht oars-om as de  
faem hjarres.

E k s t e u r.

Wy witte der yet neat fen hofölle der fen wier



is. Ien dy 't sa let in 'e jûn in in freamd hûs forskûle fûn wirdt, is wol strafber.

D i r k.

Ik seil jimme mear sidse. De frou is net alenne thûs komd; hja het hjar thûs bringe litten. De man, dy 't mei hjar komd is, is hjir ek yette in 'e hûs. Döch dy oare kas mar ris iepen.

J a p i k *döcht de kasdoar op en hellet Bote Wimmel der út.*

Ha! der ha wy krekt ûs rjuchte man.

K o r t s i c h t, *alderdanichste lilik.*

Der ha wy de dêvelery al! (*Hy fljucht op Bote ta en grépt him by 't borst.*) As 't nou net mear wier as 't wirk, den mocht ik dy wol dea dwaen, biroerding aste biste!

B o t e.

Och neef, lit my ris efkes prate.

K o r t s i c h t *jowt him in trjuw.*

'k Forstean fen dy gjin praetsjes en dou hoefst my ek net mear to neefjen, gemiene, falske knopedrayer!

E k s t e u r *komt twisken beiden.*

Keapman, bidarje jo hwet en brûk forstan; oars gean jy licht to fier.

*Underwiles komt Gredske wer in mei in wîn-flesse en romers, dy 't se op 'e tafel set.*

K o r t s i c h t *rent op Gredske ta.*

Greater liichbeest ast dou biste ha 'k ek in mîn hele libben net earder kennen leard. Mar

wy scille maye meitse. Dou kenst jûn yette opkroaskje.

G r e d s k e *jowt hjar oan 'e kant.*

Och heargen noch ta! Nou is 't alheel in spil in 't wild.

K o r t s i c h t *tsjin* Eksteur.

Eksteur, jy meitse fen disse hele saek proces-verbael op. Dy twa bîsfynten matte nei de wet straft wirde. De faem mat út de tsjinst en ik wol fen mîn wiif skaet wirde, mei 't rjucht.

S i b r i c h.

Nou, ik scoe mar hwet inbine, tocht my. Sökke greate ûndogensheden benne der net foarfallen, om der mar in ienen alheel mal om to wêsen.

E k s t e u r.

As 'k proces-verbael opmeitse scil, den tsjinje 'k de hele saek wol goed fen stikje ta bîtsje to witten.

K o r t s i c h t.

Den mat Japik it jo mar fortelle. Ik ben al to fel oerstjûr. Ik mat hwet sitte. (*Hy falt op in stoel del.*)

J a p i k.

Ik hie 't al lang opmirken dat it hjir net ging sa 't hearde. De keapman hie der gjin erch in en woe 't ek net leaue. Mar ik koe 't net hirde dat sîn goeddwaen sa mei stank leanne waerd. Ik wachte op in goede gelegenheid om him de eagen to iepenjen. Nou stiene der forline wike fjouer fette ôksen by in boer tichte by Ljeauerd.

Der ha wy do om dwaende west, mar wy koene se net keapje. Neimiddei krige de keapman in telegram, der stie in, as er dy öksen ha woe moast er gau komme. Hy hie der wol sin oan en ik praette 't him tige oan; sa rekken wy jûns tsjin saunen ta de doar út. Mar mei dat telegram wier 't koal. Ik hie oan in goê frjûn to Leauerd efkes in brjifke skrjuwn, sa en sa, en derop hie dy dat telegram oustjûrd.

S i b r i c h.

Ik ha 't wol tocht datst dou dêvel de wirkmaster fen 't hele spil wierste.

E k s t e u r.

Jy matte nou efkes stil swye, frou. Nou Japik, ho fjirder?

J a p i k.

Do 't wy bûten doar wieren sei 'k tsjin de keapman ho 't siet en hwet ik in 't sin hie. Wy gîngen net nei 't spoar, mar nei mîn sister en hjarres. Der ha wy ûs forklaid en optakele as in pear lietsjongers; keapman de man en ik it wiif. Sa gîngen wy nei Heabel en hjarres. Lutske Flîpflap, Heabel en ûs frou hjar mem, wenne by hjar libben in dat selde hûs en halde nachtketier forsökke omrenders. Nou wier ik, sa beare, in 'e miening dat der yette sa'n herberge halden waerd, en sa roanen wy der op in. En der ha wy sjoen dat Bote Wimmel en ûs frou mei 'n oar omgîngen krekt as se by 'n oar hearden. Nou, eksteur, hwet hjir fjirder foarfallen is, dat ha jy sels mei bywenne.

## K o r t s i c h t.

Nou moasten jy mar oan 't skrjuwen, net eksteur?

## E k s t e u r.

'k Wit hast net, keapman. Ik tocht oars, as jim 't allegjerre hwet mei'n oar skikten, scoe dat net al sa goed wêse?

## B o t e.

Dat liket my to minsten fierwei 't beste ta. Ik wol my graech skikke, hwet de jildsaken oangiet.

## K o r t s i c h t.

Ik wol fen dy neat witte. Dou kenst dîn jild krye, alles hwetst fen my ha maste, ta'n cent ta. En den wol 'k dy foart-oan net mear in mîn hûs ha. Dou tochtst my mei dîn jildlienen in 'e macht to kryen, dat ik my for dy scoe stil balde matte. Mar sa slim stiet it yet net. As 'k ris hwet brûke mat ken 'k bûten dy ek wol redt wirde.

## E k s t e u r.

Hark ris keapman. As jy de faem foart stjûre reitse jy en jou wiif tröch de hele bûren op 'e rabbery. As jy biginne to skreppen om mei 't rjucht fen 't wiif ou to kommen, den komt der ek in opskuor en prâtery fen wûnder; — ûren fier in 't rûn. En by slot fen rekken scille jy 't wollicht doch net klear krye. Derom ried ik jo, dat jy de faem halde, en hjar fry jowe, dat se de fryer by hjar kriget wîls 't jimme beide thûs benne. Den kenne jy 't each der hwet oer

halde. Om sök jongguod by 'n oar wei to kearen, dat giet doch net. En jou wiif moasten jy ek mar wer in genade oannimme. Hja is fülle jonger as jy; hja het nocht oan frolikheid en mat hjar tûltsjes soms ris útûlje. Mar ik leau wrachtich keapman, dat se eigentlik neat tsjin jo misdrjuwn het.

Sibrich.

Ei né, hwet scoe ik misdrjuwn ha? Japik is de wirtel fen 't kwea. Hy het m'n goede man tsjin my opstokele.

Eksteur.

Japik mat der ek hwet om tinke, om mei söks net to foarbarich to wêsen. Men mat de han net twisken de bast en de beam stekke, seit it sprek-wird. Nou, keapman Goffe Kortsicht, scoe 't net best wêse, dat jy alles mar blau blau bljuwe litte?

Kortsicht.

Ik leau siker, eksteur, as 'k my goed bitink, dat dat it bêste yet mar wêse scil.

Eksteur.

Ja, dat is grif it beste. Jy hadde my niis frege, keapman, as 'k sin oan in gles win hie. My tocht dy swarte jonge moast der nou mar oan, en den moasten wy alle ûnienichheid mar mei 'n oar oudrinke.

Kortsicht.

Nou, den mat dat mar wêse.

Eksteur.

Moai sa! Ik leau, it scil hjir jûn yet wol in

goed ein jaen. My tocht, wy moasten earst yet  
mar ris sjonge.

Wise: *Het noodigst meubel onzer dagen.* (\*)

Men mat net al te haestich renne  
Om kwea to siikjen in in oar.  
Hwent as we er net to wis fen benne,  
Men rekket licht den sels der foar.  
En sjucht men kwea al is der neat,  
Men oardeelt den alhiel forkeard.  
Hwent erchtink, for it goede blîn, } *twa*  
Wirdt licht bidragen tröch de skîn. } *kear.*

Den sjucht me in fyand faek in immen,  
Al het er gjin forkeards in 't sin.  
En siket men den wraek to nimmén,  
Men hannelt den tsjin sa'n ien min.  
Sa makket immen 't sels der nei,  
Dat mannich him net lye mei.  
Hwent erchtink, for it goede blîn, } *twa*  
Wirdt licht bidragen tröch de skîn } *kear.*


Mar elk mat ek him nedich mye  
For 't kwea en alle skîn fen 't kwea.  
Hwent lastersucht en rabberye  
Smît graech yen kladden op 'e lea.

(\*) Sjuch de *Uitgezochte Verzameling Gezelschapsliederén*,  
útjown by D. Noothoven van Goor, te Leiden. Bleds. 236.

Dus sorgje for gjin ding hjir mear,  
 As for jou goede namme en ear.  
 Hwent erchtink, for it goede blîn, } *twa*  
 Wirdt licht bidragen trôch de skîn. } *kear.*


Leau graech fen elk en ien it beste.  
 Hwent aste aloan tsjin jong en ald  
 It liif fol wrok en wrevel heste,  
 Hwet wille hest den in 'e wrald?  
 Is elk net heilich in sîn dwaen,  
 Wy matte elkoar hwet heine en slaen.  
 Hwent erchtink, for it goede blîn, } *twa*  
 Wirdt licht bidragen trôch de skîn. } *kear.*


Dus goede frjûnen, tinke jimme  
 Dat dit ûs spiljen better koe,  
 Jim matte 't sa foaral mar nimme,  
 Dat elk fen ûs sîn best dwaen woe.  
 Wes in jimme oardeel fry oprjucht,  
 Mar sûnder spît of stikelsjucht.  
 Hwent erchtink, for it goede blîn, } *twa*  
 Wirdt licht bidragen trôch de skîn. } *kear.*





2427d











ia

Kast

Pl.